



JIERFERSLACH KRÚSPUNT 2017-2018

Gearstalling bestjoer:

Sipke Huismans, foarsitter	út namme fan it Kwartettekoor
Geart van der Heide, skriuwer, Piet Miedema, Geart Bruinsma	út namme fan de Yntertsjerklike Kommisje foar de Fryske Earetsjinst administraasje, ponghâlder, webstee
Johanne Bakker	út namme fan Deputaatskip Fryske Earetsjinsten Frijmakke Tsjerken
Jan van der Mark	út namme fan it Ferbân fan Fryske Foargongers
Martha de Boer - van Slooten Liuwe Westra	út namme fan de Yntertsjerklike Fespertsjinstden Ljouwert nijsjager

-Bestjoergearkomsten op 18 maaie, 2017, 17 july 2017, 18 septimber 2017, 20 novimber 2017, 22 jannewaris 2018. Plak fan de gearkomsten: de Fikarij yn Wurdum.

-Nij yn it bestjoer binne Martha de Boer-van Slooten út namme fan de Yntertsjerklike Fespertsjinsten Ljouwert en Geart Bruinsma út namme fan it Deputaatskip Fryske Earetsjinsten Frijmakke Tsjerken. Yn july 2017 sit Jan van der Mark yn it bestjoer fan Krúspunt út namme fan it Ferbân fan Fryske Foargongers. Hy komt yn it plak fan Warner Veltman as de stipers dat goedkarre.

-Piet Miedema docht de administraasje fan Krúspunt en is ek ponghâlder. Boppedat is hy ek de behearder fan it webstee fan Krúspunt.

-Geart van der Heide folget Warner Veltman op as skriuwer.

-Op 9 septimber hat der in kuiertocht foar stipers fan Krúspunt west yn 'e omkriten fan Hartwerd.

-In nije lietebondel. It ôfrûne jier is der fierder wurke oan in nije lietebondel mei Frysktalige lieten. It útgongspunt derby is in bondel dy't gearstald is ûnder ferantwurdlikheid fan it Deputaatskip Fryske Earetsjinsten fan de Frijmakke Tsjerken. Der leit in konsept fan sa'n 160 lieten en der wurdt wurke om de rjochten fan dichters en komponisten te achterheljen.

-Bernard Smilde Priis. De fraach foar de Bernard Smilde Priis 2018 is it skriuwen fan in moarnsliet. De priiswinner sil bekend makke wurde op de Krúspuntdei fan 21 april 2018.

Surhústerfean, 26 maart 2018
Geart van der Heide, skriuwer